

De Koepel

72e JIERGONG

no. 4, april 2020



**Doarpskrante foar
Wytmarsum en omkriten**



Redaksje:
Wim Beckers
Betty Popma - van Olst
Jellie Koops - Benedictus
Feikje Adema - van den Berg
Adri de Vries
Gerke Terpstra

**Wij staan 24 uur per dag,
7 dagen in de week voor u klaar!**





Baukje de Jong is de wijkverpleegkundige bij u in de buurt. Samen met haar zorgteam Witmarsum biedt zij alle soorten zorg aan huis. Zo kunt u langer thuis blijven wonen of eerder uit het ziekenhuis naar huis gaan.

Baukje komt graag voor een vrijblijvend gesprek bij u thuis.

Wijkverpleegkundige Baukje de Jong
Tel.nr.: 0515 - 46 18 81
TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl
www.mijnantoniushuis.nl/thuiszorg

Kat en Harke

Ek tusken  en  libje wy op dit stuit yn de besnijing fan it saneamde Coronafirus De wrâld stiet op syn kop liket it wol. Elke dei komme der wer mear minsken, dy't besmet binne mei dit firus. Elke dei binne der mear siken en elke dei oerlibje mear minsken dizze sykte net. Der hearsket in eangstkultuer. Hoe sil dit komme? Wy binne ús wissichheid kwyd, witte hjoed net wat de dei fan moarn ús bringe sil. Elke dei komme der mear beheiningen ta beskerming fan ús allegearre, mar yn it bysûnder foar de âlderein en oare kwetsbere minsken yn ús maatskippij. Foar dizze minsken kin it hiel dreech wurde. Aylva State hat har doarren ek sletten foar de bûtenwacht. Allinne personiel en tige neiste famylje mei der noch yn en út rinne. Oare besite is no efkes net wolkom mear. It risiko om sa it firus yn it fersoargingshûs te krijen is te grut.

Men wurdt op jinsels werom wurpen. Gesellichheid bûten de doar is der efkes net by.

Dêrom giet alles dêr't meardere minsken by elkoar komme kinne ek net troch en moatte bedriuwen harren doarren slute. Dit kin grutte konsekwinsjes ha wat ynkommen en takomst oanbelanget. Us regear is drok dwaande en komt mei foarstellen om dyjinge dy't hjirtroch yn swierrichheden komt by te stean

Wat bliuwt is : De Mienskip. Omsjen nei elkoar wurdt tige wichtich. Dit komt ek yn de taspraken fan premier Rutte en kening Willem Alexander op it aljemint. Omtinken wurdt in kreatyf barren. Tillefoan, kompjûter, laptop, kaarten en tekeningen bygelyks binne no moochlikheden foar kontakt. En dat lêste bliuwt fan grut belang foar jong en âld. Wy kinne net sûnder elkoar! Mei it mobyltsje kin men foto's stjoere en appe. Wat is dit in moaie útfining, foaral ek om yn dizze drege tiid gebrûk fan te meitsjen.

De sikehuzen yn Fryslân iepenje harren doarren foar pasjin-

ten út Noard Brabân. Dêr is plak te min foar harren. Ek dit is mienskip!

Mei respekt tinke wy oan al dy minsken dy't harren op hokker mêd dan ek ynsette foar de meiminske In applaus is foar harren seker op syn plak!

De bern ha frij fan nei skoalle gean, mar net fan húswurk. Sy binne krekt as in protte âlders thúswurkers wurden. Dat falt net altyd ta. Ek thús kin men net sûnder in deiroaster. Der is somtiden útlis nedich, mar de learstof is oanpast oan dizze tiid. Dan is útlis foar harren fersoargers wolris dreech. Oan de oare kant binne sy der no nau by belutsen.

Frij ha kin genietsje wêze, mar faaks net as it oplein is en lang duorret.

De natoer jout oan dat it foarjier wurdt. Mar troch uze manier fan libjen yn dizze tiid liket it noch wol winter. Doch sil ek foar ús ienris de maitiid en simmer oanbrekke. Better let as net!

It “Groencentum” noeget minsken út om del te kommen en fan it foarjier te genietsjen troch nije planten oan te skaffen en oan it tûnkjen te gean. Mar de nachtfroast is ek noch oanwêzich, tuike tuike dan mar efkes liket my. De natoer stiet net stil, mar kin ús bliid meitsje as wy nei bûten sjogge. Nij libben is wer kommende wei yn al syn hear en fear. Mei dit byld foar eagen sjogge wy út nei in Coronafrije takomst!

As jimme dit lêze sille der grif alwer oare regels wêze. De tiid hâldt gjin skoft.

Oare drokte hat de húshâlding fan DURK CUPERUS en CHARINA VAN T ZET yn de besnijing. Mei harren 2 bern wurdt de wenning oan de Easterstrjitte 65 wat oan de krappe kant. In daaldersk plakje ha sy fûn op Merkelân 3. Mei dizze romme wenning is harren winsk neikommen..

Mar dit is ek fan tapassing op HENK KOOPS. Ek hy siket om in eigen stek. En dat sjocht er stean yn de Easterstrjitte 65. Sa

komt hy ek yn it spier en ferhuzet fan De Tsjasker 6 hjirhinne. Wy winskje jimme in soad wengenot ta op jimme nije wenplakken.

Fan it Coronafirus hat TRIENKE BIJKER-KOOISTRA gjin weet mear hân. Op 25 febrewaris is sy yn Wommels ferstoarn yn de âldens fan 88 jier. Boppe de roukaart stiet in tekst, dy't ús hjoeddeis tige oansprekke sil:

*Us libben is as de rin fan'e sinne,
op it meast tsjustere momint
is dêr de belofte fan it deiljocht.*

Trienke Bijker hat beukerjuf west yn ús doarp. Letter troude sy mei skilder Brugt Bijker. As redaksjelid fan de Koepel is mannich nijsgjirrich Kat- en Harkenijs fan har hân ferskynd. Wy winskje har dochter Gerbrig, har skoansoan Vincent en de beppesissers Arne en Machteld in soad sterkte ta no't sy har leafde en oanwêzigens misse moatte.

Har betinken wurdt yn dizze Koepel neamd.

Ik wol graach ôfslute mei in gedicht dat in dochter makke hat foar har mem yn in fersoargingshûs.

...sa fertrietlik

*'k Soe dy sa graach sizze wolle
moarn is dizze dream foarby,
drinke wy kofje mei in grapke
en sit ik lekker ticht by dy.*

*Stryk ik dy wer oer dyn hannen,
do lakest, kinst my noch sa goed.
'k Bin dyn rots yn eltse brâning,
skeakel fan eartiids nei hjoed.*

*No moat ik dyn hân loslitte.
Ik kom werom, sa gau as it mei.*

*Sy sille hjir goed op dy passe
en krijst kaartsjes, eltse dei.*

*Ea sil dizze dream foarby gean,
Gjin corona mear oan set.*

Dan drinke wy kofje mei in grapke.

Oan dy tiid sitsto yn myn hert.

Oant de oare kear, Jelly

Yn memoriam

Yn memoriam: Trienke Bijker-Kooistra

Op 25 febrewaris 2020 ferstoar yn Wommels Trienke Bijker-Kooistra op 88 jierrige leeftyd.

Trienke waard op 21 desimber 1931 berne yn Kubaard en kaam fia har wurk as beukerliedster yn Wytmarsum telâne. Dêr trof sij ek har lettere man Brugt Bijker, dy't in eigen skildersbedriuw hie. Hja boasken en krigen in dochter, Gerbrig. Doe't Trienke stoppe wie mei har wurk as beukerliedster help sij har man yn de saak en waard it gesicht fan de skilderswinkel yn it pand wêr no Sjors en Tjittie wenje. Mar Trienke wol har ek for de mienskip ynsette en waard sa haadredakteur fan De Koepel, wat sij hiel wat jierren dien hat. Har skôgjende, humoristyske mar betiden ek krityske Kat en Harke's waarden har byldmerk. De stikken fan Trienke waarden fersline troch de lêzers. En as der eat ris wat net yn de heak wie, koe sij dat mei wat kwinkslagen tige raak oan de kaak stelle.

Doetiids moasten de Koepels noch teard wurde en dat barde altyd yn it skoalokaal fan Jan Deelstra. Trienke hie altyd moaie ferhalen en soms fergeaten de tearders gewoan dat der ek noch teard wurde moast. Dat wiene altyd gesellige jûnen

wêr ek altyd it gebak yn it rûn gong, mei Fonger, Roel, Sietske, Gerard, Clara, Hilbrand, Lieuwe, Griet, Reinder en Adri. En fansels net te ferjitten Trienke har beide rjochterhannen Griet Deelstra en Jaap Jilderda.

Doetiids skreaun Trienke allinich it Kat en Harken nijs en dat betsjutte alle moannen wer wat betinke om op te skriuwen. Nei't se nei ferskate jierren it haadredakteurskip oerjoech oan Wim, koe se it net neilitte him allegear goedbedoelde riedjouwings en advizen mei te jaan.

Doe't Brugt mei syn skildersaak yn Wytmarsum stoppe, ferfear it pear nei Workum, wêr Trienke har deljoech, mar Brugt op beskieden skeal noch wat trocharbeide. Nei it ferstjerren fan Brugt op 30 oktober 2005 ferhúze Trienke nei ferrin fan tiid nei Wommels, wêr sij ek ferstoar.

Wy winskje Gerbrig, Vincent, Arne en Machteld in protte sterkte ta om dit grutte ferlies te ferwurkjen.

sprikkKeurs

administratie- en belastingadviesburo

- Belastingzaken
- Administratieve dienstverlening
- Jaarrekeningen
- Financiële adviezen
- Bemiddeling aan- en verkoop onroerend goed

Molenweg 23
8748 BL Witmarsum
tel. 0517-531488 fax. 0517-532815
e-mail: info@sprikkeurs.nl

Dorpsbelang Witmarsum

Annulering Koningsdagfestiviteiten

Dorpsbelang en de groep die Koningsdag voorbereidt hebben besloten de Koningsdagfestiviteiten op 27 april NIET door te laten gaan. Dit in verband met het Coronavirus en de richtlijnen die het RIVM hiervoor hanteert.

- We vinden het jammer dat we dit besluit hebben moeten nemen, maar uiteraard staat de gezondheid te allen tijde voorop!
- Wij wensen iedereen sterkte bij het doorstaan van deze crisis!
- Bestuur Dorpsbelang Witmarsum

Graach Dien

Graach Dien (foar eltsenien)

Wy fernimme noch al gauris dat men tinkt dat “Graach Dien” der alline is foar âldere ynwenners fan Wytmarsum.

Dat is net sa, eltsenien dy ’t ferlegen sit en net in berop dwaan kin op famylje, kunde of buorlje helpe wy graach.

Wy hawwe gjin web-side, gjin face-book, dogge net oan twitter mar binne gewoan te berikken op tillefoannummer:

06-52046445

Op alle wurkdagen tusken 9 en 10 oere.

As it kin op syn minst 2 dagen yn 't foar. Wy kinne dan op tiid foar in frijwilliger soargje.

Wy binne der foar:

- Ferfier en begelieding foar in besite/behanneling yn it sikehûs
- Ferfier nei de fysiotherapeut
- Ferfier yn mar ek buten it doarp
- In boadskipke dwaen
- Gau efkes medisynen helje
- Hulp by in putsje

It is fergees, alline moatte wy in kostenfergoeding rekkenje.

Dit is € 2,00 yn it doarp.

- Foar ferfier bûten it doarp € 0,25 de kilometer, of te rekkenjen mei de sjauffeur/frijwilliger.
- Wolle jimme oare ynfoarmaasje, skilje dan:
- Ale Kuperus 0517-531292



SSHZ

**SCHOONMAAK &
SCHILDERSBEDRIJF
H. ZIJLSTRA**

06 54 99 58 90 WWW.SSHZ.NL

Nij Libben Nieuws

Cultuur is een groot goed. Als de culturele sector gevelld wordt door een virus zijn we van slag. Ook wij als muziekvereniging moeten de programmering aanpassen. Alles wat we nu plannen is onder voorbehoud.

Niet onder voorbehoud was onze violen actie op woensdag 11 maart. Alle leden in het spier en binnen twee uur waren we bijna uitverkocht. Het geeft Witmarsum kleur het komend voorjaar. Wij bedanken alle kopers en wensen u een kleurrijk voorjaar. Wij kunnen met de opbrengst ons instrumentarium blijven vernieuwen.

Gepland staat een voorjaarsconcert op zaterdag 18 april in De Hoekstien. Samen met het jeugdorkest o.l.v Fenny Haagsma. We beginnen om 20.00 uur. Als alles doorgaat beloofd dit een mooie muzikale avond met muzikale verrassingen. U bent welkom.

Op 4 mei zijn wij ook weer aanwezig bij de jaarlijkse dodenherdenking

Na de herdenking op het kerkhof gaan we de verhalenavond in de Koepelkerk ondersteunen met muziek. Een bijzonder gebeuren waarvan wij hopen dat dit doorgang kan vinden.

Niks is zeker. De plannen in dit schrijven kunnen bij het verschijnen van de Koepel heel anders zijn. Uitstel is geen afstel.

Meer weten van onze vereniging, neem dan contact op via telefoonnummer 0517-531635 of mailen naar info@nijlibben.nl



Heeringa
energieneutraal Wonen

www.
geenenergie
kosten.nl

Comfortabel wonen zonder energiekosten!

Geen energiekosten. Wie wil dat nou niet? Het zal u misschien verbazen, maar energieneutraal wonen is niet alleen mogelijk voor een nieuwbouwwoning. Ook uw bestaande woning kan een energierekening van NUL opleveren.

“Kijk op www.geenenergiekosten.nl en laat u informeren over het besparen van uw energiekosten”

geenenergiekosten.nl is een initiatief van:




Heeringa
onderbouw | bouwen

De Tunen 17 | 8748 EG Witmarsum | 0517 533 080 | info@bouwbedrijf-heeringa.nl | www.bouwbedrijf-heeringa.nl

Gazelle en Puch-dealer
ook andere
merken
leverbaar

deelnemer
Nationale
Fiets Projecten



nieuwe en gebruikte
fietsen
en fiets verhuur

fietsreparaties
en fietsaccessoires

ELGERSMA

R I J W I E L E N

Openingstijden:

maandag gesloten
dinsdag 9.00-18.00

woensdag 9.00-18.00
donderdag 9.00-18.00

vrijdag 9.00-20.00
zaterdag 9.00-16.00

KAATSPLEIN 6 | WITMARSUM | TEL. 0517-532551

WWW.ELGERSMARIJWIELEN.NL

De Romkes 11

“Pankoecken”

Aan: pakeromke@hemelpoort.hl

Van: readeromke@gmail.com

Heu pakeromke

Het is niet best hier want we heben frij fan skool en ik denkte dat het wel leuk was maar nau is mem onse juf. we mogun niet na skool want omdat er een fierus is of so en dat is heeeel guff-aarluk nou en nau moet ik tuis leeren want mem is morguns frij en midags heit van mem moet ik aan de taful lesen en skrijven leeren. en we moogen niet meer bij pake en bepe koomen fan muneer rute want omdat sij dan ook siek wordun kunnen maar ik hep wel eendeijneren bij pake en bepe in de briefenbus gelegd want die vint pake so leker. en heit moet warm eten maaken en dat is wel goet want wu heben al 3 keer pannekoeken gehat dese week

leker hoor

heit slaapt nog steeds op de solder mar tuffie wil niet meer so omhoog en dus slaapt die weer bij mij op de kaamer. en heit mag ook niet meer naar de sportskool en de foetbal omdat fan de fierus.

maar het wel jamer dat ik mun frientjus niet meer sie maar folgundu week komt juhanus op de skool bij ons tuis nou pakeromke ik moet stopen met tiepen omdat want ik hep nu reekunun fan mem heben julie daar ook fierussen

doei pakeromke tot de folgunde keer

Aan: readeromke@gmail.com
Van: pakeromke@hemelpoort.nl

Hoi snotbongel.

No je, dat Coronafirus hat jim mar aardich yn e besnijing. Moatst my tasizze dast der al wat om tinkst en dy net ophâlde sist by in klofte minsken. Mar och, by it leugenbankje hoechst dy noch net op te hâlden en moatst tsjin Pake Ronnie sizze dat hy him der ek by wei hâlde moat. As der okkerdeis ien tusken stiet mei in snotnoas kinne se dat ploechje sa oer it stek smyte. Mar hawar, hjirboppe hawwe wy gjin lêst fan dy firussen. Dat is it foardiel fan de dea, hja kinne net mear siik wurde. Hjir rint san mantsje om dy ‘t de hiele tiid ropt; “Ieder nadeel hep sun voordeel” mar hy hat wol gelyk.

Lykwols hiene we hjir ferline wike al wat in raar akkefietsje. Sa siet ik efkes by Petrus oan kofje wurdt der oanbelle by de poarte. Petrus op syn gemakje der hinne, stiet der in âldizerboer foar de poarte. Hy woe der graach yn, mar Petrus moest dat fansels earst oerlizze mei de Grutte Baas. Dat hie blykber nochal wat fuorten yn e ierde want it dourre in skoft foardat hy werom wie. En wat tinkst? Komt hy werom is de hiele poarte fourt!

Ha wy mei in man as wat foarearst der mar profesorysk mei stekpeallen en skiepegaes in nije poarte makke.

No mantsje, do moatst dy mar efkes gedijs hâlde, want dat firus sil him mei de tiid wol wer ôfjaan. En do smytst mar wer ris wat eineaaien yn de bus by pake Ronnie. Bin der wis fan dat hy der poer op is.

-
-
-

Groetnis, Pake Romke.

Mounewetter

Letters van Mounewetter

Terwijl ik dit schrijf raast het corona virus door Nederland. Gaat Nederland Lock Down of niet?

Hierdoor is het onbekend of de geplande opening op 25 april wel door kan gaan.

Desondanks gaan we, voor zover het kan, door met de voorbereidingen om het zwembad zomer klaar te krijgen.

Een wens was om het peuterbad te renoveren. Met een financiële bijdrage van €5.000,= van Stichting tot Nut uit Arum is dit gerealiseerd.

Het springkussen was aan vernieuwing toe en verder waren er nog de nodige onderhoudsklussen, die niet gezien, maar wel gedaan worden.

Onze vaste groep vrijwilligers en verder iedereen die hier aan heeft mee geholpen, heel erg bedankt.

Voorverkoop

De voorverkoop is vanaf dinsdag 14 april t/m vrijdag 24 april van 8.30 uur tot 16.00 uur en zaterdag 18 april van 9.30 uur tot 11.00 uur aan de kassa van zwembad Mounewetter.

Op zondag geen voorverkoop.

Bent u in het bezit van een abonnement van 2019, dan kunnen we deze voor 2020 opwaarderen. Wel het oude abonnement meenemen.

Een nieuwe kaart kost €5,00.

Tijdens de voorverkoop alleen betaling met pin mogelijk.

Opening

Zaterdag 25 april gaat zwembad Mounewetter weer open.

De opening is om 14.00 uur met om 14.30 uur het al om bekende “stuivertje duiken”.

Let op:

Gezien de omstandigheden in Nederland is het echter onzeker of de geplande voorverkoop en opening door kunnen gaan. **Houd de website en facebook van zwembad Mounewetter in de gaten. Zijn er wijzigingen, dan zal dat hier op vermeld worden.**

- Pas in deze tijden goed op u zelf en op elkaar. Hopelijk tot ziens in Zwembad Mounewetter.
- Bestuur Stichting Mounewetter

KV Pim Mulier

Nieuws van Kaatsvereniging Pim Mulier**Geen Koekactie.**

Vanwege het Corona virus heeft het bestuur besloten om dit jaar geen koekactie te organiseren. De koekactie was gepland op woensdag 15 april 2020.

Algemene ledenvergadering.

Op woensdag 4 maart 2020 werd de algemene ledenvergadering gehouden. De opkomst was goed en de jaarvergadering verliep in een gemoedelijke sfeer. De vaste agendapunten werden vlot afgewerkt. Er werd afscheid genomen van Harm Jilderda, Aukje de Vries, Jan Geert Dijkstra en Arnold Bergsma. Myriam de Ruiter, Michiel de Jong en Sjoerd Atze de Jong werden als nieuw bestuurslid benoemd. Rond 22.30 uur sloot voorzitter Harm Jilderda de vergadering.

Sjoerd Nicolai winnaar Willem Boersma cup.

De Willem Boersma cup is een wisselbeker voor de meest succesvolle ledenkaatser. Good old Sjoerd Nicolai werd in 2019 winnaar . Sjoerd won drie keer de eerste prijs. Een unieke prestatie. Tijdens de algemene ledenvergadering ontving Sjoerd de fraaie wisselbeker en een bos bloemen.

Start seizoen, programmaboekje en competitiekaatsen .

Op zondag 3 mei 2020 organiseren we de eerst ledenpartij. Met uitzondering van de oudste klas heren gaan we pearkekeatsen met zachte bal . Op of omstreeks 15 april 2020 wordt het programmaboekje weer bezorgd bij de leden en inwoners. U kunt dan het hele programma voor 2020 rustig nalezen. Het programma staat ook op de website (www.kvpimmulier.nl). Het competitiekaatsen begint weer op donderdag 30 april 2020. Uiteraard is een en ander wel afhankelijk van de ontwikkeling van het Corona virus.

Indeling vrijwilligers: keurmeesters en kantine.

Geen enkele vereniging kan zonder de steun van vrijwilligers. De vrijwilligers voor het nieuwe kaatsseizoen zijn weer ingedeeld. Het gaat om de keurmeesters . De indeling is opgenomen in het programmaboekje voor 2020. De vrijwilligers voor de kantine worden nog afzonderlijk benaderd en ontvangen daarna het indelingsschema.

Straatkaatsen.

Het straatkaatsen is gepland in de week van 15 - 19 juni 2019. Op maandag en dinsdag kaatst de jeugd. Op woensdag tot en met vrijdag de senioren, dames en heren. Kan iedereen mee doen ? Ja, we organiseren weer het buurtkaatsen waarbij parturen op sterkte worden ingedeeld.

In de mei koepel informeren wij u over de buurtcoaches bij wie u zich op kunt geven.

Opgaven ledenpartijen via Pim Mobile.

Vanaf dit seizoen hebben we een speciaal nummer waarop leden zich op kunnen geven voor de ledenpartijen. Het mobiele nummer is: 06 83 66 95 51. Om via Whats App op de hoogte te blijven zijn twee acties nodig:

1. zet het telefoonnummer in je contacten;
2. stuur een whatsapp met je voor- en achternaam naar 06 83 66 95 51 zodat we je kunnen bereiken.

- Gemakkelijker kunnen we het niet maken.

- Namens het bestuur van schaatsvereniging Pim Mulier, Simon Lemstra

Activiteiten 4 en 5 mei

Activiteiten 4 en 5 mei 2020 en hoe het coronavirus roet in het eten gooit.

In de Koepel van maart waren we enthousiast over het mooie programma dat we hadden voor 4 en 5 mei a.s. Een programma met mooie muziek en heel veel verhalen en gedichten om de vrijheid te vieren, maar ook om ons te realiseren dat er veel offers zijn gebracht voor die vrijheid. Dat vrijheid niet vanzelfsprekend is en dat we ons dat steeds weer moeten realiseren. En dan ineens is er het coronavirus en is niets meer vanzelfsprekend.

Door de ontwikkelingen rondom het bestrijden van dit virus en de maatregelen die de afgelopen tijd genomen zijn door de overheid, staat het sociale leven bijna helemaal stil. En we zijn er nog niet, steeds meer winkels sluiten hun deuren en evenementen worden afgelast. Ook steeds meer geplande activitei-

ten rondom 75 jaar bevrijding gaan niet door. We zullen de in Witmarsum geplande activiteiten ook moeten aanpassen en uitstellen.

Het koor en het korps hebben voorlopig geen repetities en de we kunnen de kinderen van het kinderkoor nu ook niet laten oefenen. Er hadden zich al 15 kinderen aangemeld en ook iemand, die op de bugel wilde spelen.

We zullen ons de komende tijd beraden wanneer de activiteiten wel georganiseerd kunnen worden. Dit kan in het najaar van 2020 zijn of misschien op 4 en 5 mei 2021. Misschien kunnen er voor sommige activiteiten, bijv. de dodenherdenking nog creatieve oplossingen worden bedacht.

Voor de Koepel van mei weten misschien meer hoe de situatie zich ontwikkelt. Nu is vooral het advies om sociale contacten zoveel mogelijk te mijden. We hopen op een later moment dubbel feest te kunnen vieren, n.l. het overwinnen van deze grote crisis in vreedestijd en het herdenken en vieren van onze vrijheid, of het nu 75 of 76 jaar na de Tweede Wereldoorlog is.

Ook de komst van de Noord Nederlandse Legervoertuigen en de Graham Lowlanders pipes en drums naar Witmarsum gaat helaas niet door.

-
- Namens alle betrokkenen bij de activiteiten rond 75 jaar bevrijding.
- M. Baarda

Triatlon Witmarsum

INSCHRIJVING 8e TRIATLON WITMARSUM ROND 1 APRIL GEOPEND

Ondanks de maatregelen rondom het Corona-virus gaan we

er vanuit dat Triatlon Witmarsum ook dit jaar weer door kan gaan. De triatlon wordt voor de 8e keer georganiseerd en wel op zondag 30 augustus. De inschrijving wordt (zoals het nu staat) rond 1 april geopend.

De triatlon zal in grote lijnen hetzelfde zijn als afgelopen jaren, er wordt begonnen met 500 meter zwemmen. Vanuit de wisselzone wordt er vervolgens een ronde van 20 kilometer gefietst en afsluitend volgt er een loopronde van 5 kilometer.

Na het daverende succes van afgelopen 2 jaren wordt de Súdwest Fryslân Triatlon Cup ook weer georganiseerd. Deze competitie bestaat uit drie triatlons in onze gemeente. Op 30 augustus is dat de 1/8e triatlon in Witmarsum, op 6 september in Workum (1/8e triatlon) en de afsluiting is op 12 september in Wommels (1/4e triatlon).

Op basis van de eindtijden van de deelnemers aan deze competitie wordt er een klassement opgemaakt. De snelste dame en heer ontvangt hierbij een prachtig aandenken!

Voor de competitie moet bij elk evenement afzonderlijk worden ingeschreven.

Wil je niet aan de competitie meedoen? Geen paniek, alleen deelnemen aan Triatlon Witmarsum is natuurlijk geen probleem! Net als vorig jaar kan daarbij de keuze gemaakt worden tussen het zwemmen in de Witmarsumervaart of in zwembad Mounewetter. Wel is er een maximum aantal startplaatsen in het zwembad. Natuurlijk kun je ook samen met twee teamleden meedoen aan de Estafette Team Triatlon.

Voor de bedrijven en verenigingen in en rond Witmarsum is er weer de Business & Verenigingen Team Triatlon. In 2019 bleek het team van Fysio Witmarsum de beste, maar welk team is de snelste in 2020?

- Dus twijfel niet langer en schrijf jezelf of je (bedrijfs-/verenigingen)team in. Dit is mogelijk t/m 27 augustus. Voor de snelle beslissers is er van 1 april tot 1 mei korting op de inschrijving.
-
- Graag tot 30 augustus!

Thuiszorg Patyna

Met zorg aan huis van Thuiszorg Patyna krijgt u thuis de verzorging of de verpleging, die nodig is om zelfstandig te kunnen blijven wonen. Wij zijn het thuiszorgteam van Witmarsum en omgeving. 24 uur per dag, 7 dagen in de week, staan wij voor u klaar met:

*Verzorging en verpleging

*Hulp in de huishouding

*24-uurs alarmering

Heeft u vragen of bent u op zoek naar een passende oplossing, dan denken wij graag met u mee. Neem contact op met onze wijkverpleegkundige: Joukje Reitsma: joukje.reitsma@patyna.nl of T. 06-83606917



Wie kunt u bij Patyna benaderen voor vragen over:

Wonen in Aylva State Josina van der Schaaf Teamleider 0517 531456

Josina.vanderschaaf@patyna.nl

Zorg in Aylva State Esmé Baarda Locatie verpleegkundige 06 21334903

Esme.Baarda@patyna.nl

● **Maaltijdvoorziening Aylva State** Fokke Boschma/Daphne Walstra 0517 531456

Keuken.aylvastate@patyna.nl

● **Dagbesteding Aylva State** Medewerkers dagbesteding 0517 531456

Thuiszorg Patyna Joukje Spijksma Reitsma, Wijkverpleegkundige 06 83606917

● Joukje.reitsma@patyna.nl

Trucktour Súdwest Fryslân

Op **zaterdag 5 september** 2020 is het zover, dan vindt dé Trucktour van Súdwest Fryslân plaats. Trucktour Súdwest Fryslân is een evenement voor mensen met een verstandelijke en/of lichamelijk beperking. Op deze dag maken een team van vrijwilligers en sponsors het voor 150 deelnemers mogelijk om mee te rijden in één van de trucks. De 150 wagens rijden in een lange stoet een route van 55 kilometer door Súdwest Fryslân. Trucktour Súdwest Fryslân is de opvolger van Truck Tour Bolsward die in 2015 voor het laatst werd georganiseerd. Samen met een aantal oud bestuursleden willen wij dit evenement dat met veel enthousiasme werd ontvangen bij de deelnemers, weer nieuw leven inblazen.

De voorbereidingen zijn inmiddels in volle gang en vanaf 1 mei 2020 kunnen deelnemers en chauffeurs zich inschrijven via de website www.trucktour.frl. Houdt de website in de gaten voor het laatste nieuws, de starttijd en de route. We zien u allen graag langs de route op zaterdag 5 september 2020 om deze prachtige dag samen met de deelnemers en chauffeurs te beleven.

-
-
-

Witmarsum in beweging

De opening van de nieuwe beweegplekken in Witmarsum was gepland op vrijdagmiddag 15 mei op het schoolplein en aansluitend in optocht naar het Griene Plak, langs de nieuwe wandelroute rond en naar Aylvastate. Dit was het plan voordat het Covid-19 virus toesloeg; met de betrokkenen hebben we besloten de opening eerst af te lasten. Voor iedereen is te hopen dat de maatregelen tegen het virus werken en we de zomer met minder beperkingen in kunnen gaan. Wordt vervolgd!

De initiatiefnemers voor de beweeg- en ontmoetingsplekken met beweegprogramma's zijn de Stichting Ekspedysje Wytmarsum, de basisscholen De Utskoat en De Bonkelder, Patyna woonzorgcentrum Aylva State, Fysio Witmarsum en Dorpsbelang Sportdorp Wytmarsum.

In de februari Koepel hebben we de 30 naamsvermeldingen gedaan van de instanties, fondsen, vrijwilligers, die de beweegplekken mede mogelijk maken. Hier kunnen we inmiddels nog aan toevoegen Ondernemersfonds SWF, De Boer TotaalRenovatie, AB Vakwerk, De Mouneboulers en de leverende bedrijven Kompan, Yalp, Pier de Hovenier en Loonbedrijf Klaas Haitsma. We rekenen erop, dat als de sponsorloop van de leerlingen van de basisscholen doorgaat, dat de meeste bewoners van Witmarsum kunnen zeggen: daar hebben wij ook aan mee gedaan!

Kinderen van September in het pand aan de Van Aylvaweg 38

Mocht u opvang nodig hebben, informeer naar wat we voor u en uw kind(eren) kunnen betekenen.

Waarom kiezen voor de Kinderen van September:

Wij zijn kleinschalig met vaste pedagogische medewerkers, flexibel door onze openingstijden van 06:00 uur tot 18:30 uur en goedkoop, doordat wij alleen de afgenomen uren factureren. Wij vinden het belangrijk de kinderen een fijne, huiselijke opvang te bieden waar ze compleet zichzelf kunnen zijn en zich kunnen ontwikkelen. Bij ons geeft u een maand van tevoren de opvanguren door welke uiteindelijk worden berekend (ruilen en wijzigen is in overleg mogelijk). Onze uurtarieven sluiten aan op wat de belastingdienst vergoed. Voor de BSO bedraagt het uurtarief €6,89 en voor de kinderopvang €8,02. Meer informatie is op onze website te vinden.



De Kinderen van September

Van Aylvaweg 38 , 8748 CE Witmarsum 0517-210003

www.kinderenvanseptember.nl info@kinderenvanseptember.nl



Heeringa

onderbouwt bouwen

De Tunen 17 | 8748 EG Witmarsum | T.: 0517-533 080 | F.: 0517-533 090 | W.: www.bouwbedrijf-heeringa.nl

Wij (ver) bouwen geheel naar uw wens. Onder praktische begeleiding, van het initiatief tot het ontwerp, bij de aanvraag van uw vergunningen en de technische realisatie.



Kennis door ervaring, efficiënt en doordacht.

Korte lijnen, eigen personeel en duidelijke afspraken.

Bel voor vrijblijvende informatie;
0517-533080

Yn't ferline

Wy freegje noch altyd de help fan alle Koepel lêzers, freonen en bekenden, foar byldmateriaal, ferhalen, deiboek, gedichten, stikjes, persoansbewiis, ensafuorthinne, út de tiid fan 1940–1945.

Peter Michael Cosgrove berne yn Essex, Ingelân, sersjant by de R.A.F. en wie op de misje skutter yn 'e boppeste koepel. Hat nei alle gedachten by syn lêste gefjocht gjin skyn fan kâns hân om it tastel te ferlitten.

James Parker Fitchett, berne yn 1922 Birmingham, Ingelân. Soan fan William Fielding Fitchett en Hilda Fitchett- Strick. Hy wie sersjant by de R.A.F. en op de misje wie er boardmeganisien.

De rol fan boardmeganisien waard yn 1942 yntrodusearre om 't de nije swiere bommerwerper, sân bemanningsleden nedich hiene. De boardmeganisien seach de meganyske, hydraulyske, elektryske en brânstofsysteem fan it fleantúch. Hy help de piloat ek by de opstiging en by de lâning. Yn in needgefal moat de boardmeganisien ek de nedich brânstoffberekkening jaan, dy't nedich is. Hy wie ek de reserve bommerjochter en seach út nei fijannelikke jagers. Op 'e grûn, hâlde hy ek kontakt mei it grûnpersoniel, dy 't ferantwurdlik wiene foar it ûnderhâld fan it fleantúch.

Minsken as jimme ek sokssawat ha, kom nei ús ta.

Evert Zwier Verlengde Oostend 17 8748AP (532147), Geertje Verhoeve (531392), Titia Banga (531572) of Wietske Sierkstra (532047) e-mail: evertzwier@outlook.com



Op de foto in groep skoalbern dy 't in blom op de grêven fan de omkommen bemanning lizze. Wa ken ien fan de minsken dy't op de foto stean.

Agenda

Alle activiteiten onder voorbehoud. Zie voor actuele informatie de website van de betreffende vereniging of organisatie of informeer bij de contactpersoon.

8 april Loopgroep Witmarsum
19.30 uur, start nieuwe cursus Start to Run.

● 17 april Ald papier foar Nij Libben
Vanaf 07.00 uur

● 18 april Voorjaarsconcert Nij Libben
20.00 uur, De Hoekstien

De Koepel stypje

Bêste Koepellêzers

Yn dizze drege tiid binne der foar de koepelfinâsjes lokkich gjin soargen. Ek 2019 hawwe wy finansjeel wer ôfslúte kinnen mei in positief saldo.

En dat is te tanken oan ús freonen, stipers, advertearders en ferienings. Moai dat sa folle freonen oan it begjin fan dit jier harren taseine bydrage al wer oarmakke hawwe.

● Sa kinne wy meienoar ús doarpskrante yn stân hâlde...!

● Tige tank allegearre.

● Feikje

Kolofon

Útjefte fan de gearwurkjende ferienings:

PCOB Wûnseradiel
PKN Wytmarsum
St. Koepelconcerten
St. Oars as Oars
Popkoar Wytmarsum
Gymnastiekver. "V. en O."
Muziekver. "Nij Libben"
Toneelver. "Surprise"
Perm. Commissie"
Kaartclub "Elk wat Wils"
E.H.B.O.
Bejaardensoos
"De Koepeldûnsers"
K.V. "Pim Mulier"
Sportvereniging "Mulier"
Ver. voor Dorpsbelangen
Ondernemersvereniging Wytmarsum
Tennisclub
IJsclub

Sticht. Zwembad "Mounewetter"
Zangver. "Scheppingsgave"
Vogelwacht
Graach Dien
Jeu de Boules ver. "De Mouneboulers"
Begr.-Crematiever. "De laatste Eer"
Triatlon Wytmarsum
Aylva State
Stichting Ekspedysje Wytmarsum
Vrouwen van Nu Wytmarsum e.o.
MFC It Fliet
Loopgroep Wytmarsum
Trekkerdei Wytmarsum
Til. nr sekretariaat: 0517-531205

De kopij foar de maaie Koepel moat uterlik 17 april ynlevere wurde fia de mail: redactie@dekoepel.frl en famyljeberjochten ek by Adri de Vries, Tsjerkelân 38, 8748 BJ, Wytmarsum.

Adreswizigingen en opsizzingen skriftlik oan boppesteand adres of fia de mail.

Berjochten foar de agenda nei: agenda@dekoepel.frl

Tariven 2020

Meidielings/advertinsjes 1 bledside	€50,-
Meidielings/advertinsjes 1/2 bledside	€30,-
Famyljeberjochten/betank-advertinsjes	€15,-
Bertekaartsjes	€15,-

De Koepel komt 11 kear yn it jier út.

Post-abonnees dy't net lid (mear) binne fan in by De Koepel oansletten feriening betelje in minimale bydrage fan **€15,- it jier**. Wytmarsummers en oare lêzers om utens dy't lid binne fan boppesteande ferienings binne ús neat skuldich; in frijwillige bydrage is fansels altyd wolkom en wurdt troch ús tige op priis steld!

Rabobank rek.nr. NL 23 RABO 03715.56.201

Internet

Homepage: www.dekoepel.frl
E-mail adres: redactie@dekoepel.frl
Facebook: [webmaster@dekoepel.frl](https://www.facebook.com/webmaster@dekoepel.frl)



Hofstra bouw

Zorgeloos (ver)bouwen



3D model

Nieuwbouw Verbouw Renovatie Modernisering

**Wilt u een open keuken? Denkt u na over een aanbouw of serre?
Wilt u boven een dakkapel voor meer ruimte? Heeft uw badkamer een
opfrisbeurt nodig? Kan er een extra slaapkamer op de garage?**

Onze klanten zijn zeer tevreden over onze stijlvolle ontwerpen, over onze heldere afspraken, onze verrassende oplossingen, bouwkwaliteit en over de goede samenwerking. Wilt u weten wat het resultaat is van de verbouwing, dan maken we vooraf een 3D-ontwerp.

Hofstra Bouw, het meest veelzijdige bouwbedrijf van Friesland.
Profiteer van de voordelen en neem vrijblijvend contact met ons op.

www.hofstrabouw.nl

